

Liturgie
Tsjerke fan de Moanne

12 april 2026 – 10.00 uur
Sixtuskerk – Sexbierum

Thema: ***Pasen in twee woorden!***

Foargonger:	Ds. Netty de Jong- Wiersema- Snits
Alderling:	Aukje van der Schaaf- van der Wal
Diaken:	Jelle Jukema
Lektor:	Wijbren Zijlstra
Orgelist	Bouwe Tjallingii
Koster:	Henk Smits

Oargelmuzyk

Sjonge: Liet 287: 1, 5 – *By it ljocht dat ivich is*

By it ljocht dat libben is
groetsje wy inoar mei frede.
Wa't dat ljocht temjitte giet,
komt en dielt yn syn genede.
By de Hear binn' wy teplak,
ûnder dak.

By it ljocht dat libben is
meie wy inoarren fine.
Ljocht fan de ferrizenis,
lit jo strielen ús beskine, –
foar dit heimnis stean jo noed:
God is goed.

Wolkom troch de âlderling fan tsjinst

Oanstekken fan de Kears fan ferbining

Aanvangslied: Lied 630: 1, 3 – *Sta op een morgen*

Sta op! Een morgen ongedacht,
Gods dag is aangebroken,
er is in één bewogen nacht
een nieuwe lent' ontloken.
Het leven brak door aarde en steen,
uit alle wond'ren om u heen
spreekt, dat God heeft gesproken.

Al wat ten dode was gedoemd

mag nu de hoop herwinnen;
bloemen en vogels, – alles roemt
Hem als in den beginne.
Keerde de Heer der schepping weer,
dan is het tevergeefs niet meer
te bloeien en te minnen.

Groet en bemoediging

Inleidende woorden

Zingen: Psalm 89: 1, 6 – *Ik zal zo lang ik leef, bezingen in mijn lied*
(in wisselzang)

Mannen: Ik zal zo lang ik leef, bezingen in mijn lied
des Heren milde gunst, het werk aan ons geschied.

Vrouwen: Mijn mond verkondigt Heer, aan komende geslachten
hoe Gij uw trouw betoont aan hen die U verwachten.

Allen: Uw goedertierenheid rijst op en gaat zich welven,
een altijd veilig huis, vast als de hemel zelve .

Mannen: Wij loven, Heer, de macht van uw verheven hand,
Uw uitgestrekte arm houdt al uw werk in stand.

Vrouwen: Gij hebt uw troon gegrond op recht en waarheid beide
als pijlers van uw heil, onwrikbaar door de tijden,

Allen: en als herauten gaan U voor op al uw schreden
Uw goedheid en uw trouw, o vorst van onze vrede.

Gebed om toenadering

Sjonge: Liet 642: 1, 4, 7, 8 – *Ik sis it elk dy't harkje wol*

Ik sis it elk dy't harkje wol,
dat Jezus opstien is,
ja, dat Hy by ús wêze wol
yn leechte en gemis.

De wrede, sterke dea is wei,
te sink gien yn 'e see;
no blinkt foar elk in ljochte dei
en leit de takomst ree.

No is 't dat elke goede died
net wei wurdt of ferknoeid,
want al ús wurken binne_as sied
dat hearlik iepenbloeit.

't Is feest omdat Hy by ús is
dy't grêf en dea fersloech
en dy't yn syn ferrizenis
alles nij oansjen joech.

Skriftlêzing: Johannes 20: 19-29 – troch lektor (Nije Fryske Bibeloersetting)

⁹Doe't it no jûn wurden wie dy earste deis fan 'e wike en de learlingen de doarren op 't slot hienen omdat se bang wienen fan 'e Joaden, kaam Jezus; Hy stie ynienen yn it fermidden en sei tsjin harren: Frede jimme! ²⁰En doe't Er dat sein hie, liet Er harren de hannen en de side sjen. De learlingen wienen wakkere bliid, doe't se de Hear seagen. ²¹Doe sei Jezus nochris tsjin harren: Frede jimme! Lykas myn Heit My útstjoerd hat, stjoer Ik jimme ek út. ²²Doe't Er dat sein hie, blaasde Er op har en sei tsjin harren: Untfang de hillige Geast. ²³Wa't jimme de sûnden ferjouwe, dy binne se ferjûn; wa't jimme se hâlde litte, dy hâlde se ek.

²⁴Len fan 'e tolve, Tomas, dy't 'Twilling' hiet, wie net by harren doe't Jezus kaam. ²⁵Doe seinen de (oare) learlingen tsjin him: Wy hawwe de Hear sjoen. Mar hy sei tsjin harren: As ik yn syn hannen de plakken fan 'e spikers net sjoch, en myn finger net yn it plak fan 'e spikers stek en myn hân net yn syn side lis, sil ik it noait leauwe.

²⁶In wike letter wienen syn learlingen wer yn 'e hûs en Tomas wie by harren. Jezus kaam, wylst de doarren op 't slot wienen, Hy stie ynienen yn it fermidden en sei: Frede jimme! ²⁷Fierders sei Er tsjin Tomas: Kom hjir mei dyn finger, hjir binne myn hannen; kom hjir mei dyn hân en lis My dy yn 'e side en wês net langer ûnleauwich, mar leau! ²⁸Tomas antwurde Him: Myn Hear en myn God! ²⁹Jezus sei tsjin him: Omdatsto My sjoen hast, leausto? Gelokkich binne dy't net sjoen hawwe en dochs leauwe.

Zingen: Lied – *Niet zien en toch geloven* – melodie lied 968

Niet zien en toch geloven-
o God, als Gij mij helpt
dan zal ik toch U loven,
hoezeer ik overstelpt
door allerhande plagen,
door twijfel en verdriet,
naar het waarom blijf vragen-
toch zing ik U dit lied.

Niet zien en toch geloven:
vertrouwend verdergaan,
niet horend, als een dove,
niet ziende, blind voortaan,
niet reikend met mijn handen
naar meer dan Gij mij geeft,
maar wijs door scha en schande
geloven dat Gij leeft!

Niet zien en toch geloven –
Uw dag komt naderbij!
De oren van de dove
ontsluit en opent Gij!
En al wie in den blinde
op U alleen vertrouwt,
zal eenmaal ondervinden
dat wie gelooft aanschouwt!

Verkondiging

Kort muzikaal intermezzo

Zingen: Lied 1005: 1, 4, 5 – *Christus, ons licht*

Zoekend naar licht hier in het duister,
zoeken wij U, waarheid en kracht.
Maak ons uw volk, heilig, vol luister,
schijn in de donkere nacht.
Christus, ons licht,
schijn door ons heen, schijn door het duister.
Christus, ons licht,
schijn ook vandaag, hier in uw huis.

Zoekend naar troost zijn velen dakloos,
zoekend naar warmte zijn velen koud.
Maak ons een huis van levende stenen,
schuilplaats door U gebouwd.
Christus, ons licht,
schijn door ons heen, schijn door het duister.
Christus, ons licht,
schijn ook vandaag, hier in uw huis.

Met zoveel gaven aan ons gegeven,
voor zoveel leed, zoveel gemis.
Maak ons uw dienaars, leer ons te delen,
totdat uw rijk hier is.
Christus, ons licht,
schijn door ons heen, schijn door het duister.
Christus, ons licht,
schijn ook vandaag, hier in uw huis.

Dankgebed, voorbeden, sjonge: 'God fan fier en hein us Heit

God fan fier en hein ús Heit,
dat wy hilligje jo namme,
ûnder ús sa faak ûntwijd,
troch jo eigen bern beskamme.

Bûch de folken nei jo wet,
lit jo ryk op ierde komme.
Byn jo wil ús op it hert
en wy sykhelje ferromme.

Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou wat wy misdiene,
sa't ek wy ferjûn ha, Hear,
al dy't skuldich foar ús stiene.

Lit oer ús gjin neare nacht,

lied ús net yn blyn begearen.
Binne wy yn duvels macht,
Hear, ferlos ús fan 'e kweade.

God fan fier en hein ús Heit,
wûnder heimnis is jo namme,
grut yn krêft en hearlikheid,
oant yn alle tiden. Amen

Collecten die na de dienst gehouden worden:

1. Het Vergeten Kind
2. Kerkrentmeesters

Sjonge: Slotliet 632: 1, 3 – *Dit is de dei dy't de Hear foar ús makke*

Dit is de dei dy't de Hear foar ús makke_en ús jûn hat.
Loovje en tankje Him omdat syn leafde ús fûn hat.
Djip yn 'e nacht
binn' wy befrijd troch syn macht:
ljocht, dat it tsjuster oerwûn hat.

Stjoer no jo Geast as in fjoer en wês yn ús fermidden,
dan wurde leafde en wolbegryp ûnder ús siedde,
dat wy tenei
earje jo namme_al den dei
en Jo yn wierheid oanbidde.

Zending en zegen

Zingen: Lied 425

Vervuld van uw zegen gaan wij onze wegen
van hier, uit dit huis waar uw stem wordt gehoord,
in Christus verbonden, tezamen gezonden
op weg in een wereld die wacht op uw woord.
Om daar in genade uw woorden als zaden
te zaaien tot diep in het donkerste dal,
door liefde gedreven, om wie met ons leven
uw zegen te brengen die vrucht dragen zal

Oargelmuzyk

De tv-tsjinsten binne inkeld mei jo stipe mooglik.
Jo kinne in bydrage oermeitsje op rekkennûmer NL15RABO 0373 744 471 t.n.v.
Stichting Tsjerke en Media Fryslân.
Tige tank alfêst foar jo stipe!
Sjoch alle tsjinsten werom op www.tsjerke.media

De tv-diensten zijn alleen dankzij uw steun mogelijk.
U kunt een bijdrage overmaken op rekeningnummer NL15RABO 0373 744 471 t.n.v.
Stichting Kerk en Media Fryslân.
Alvast hartelijk dank voor uw bijdrage!
Kijk alle diensten terug op www.kerk.media

